

## Tekst 1 Twatalichheid moat it Frysk rêde

- “Yn samar in Ljouwerter Krante fan in sneon steane tsien berte-advertinsjes, fiif yn it Frysk en fiif yn it Nederlânsk.” (r. 1-3)
- 2p 1  De skriuwer besiket dat byld yn twa opsichten te nuansearjen. Toan dat oan. *Brûk net mear as 40 wurden.*
- 2p 2  Wat is it sintrale probleem yn dizze tekst?
- A Dat de measte Friezen har net drok meitsje om harren taal.
  - B Dat de posysje fan it Frysk swak is.
  - C Dat it brûken fan it Frysk gjin ekonomyske foardielen jout.
  - D Dat it Frysk skealik is foar it ûnderwiisnivo.
- 1p 3  Wat is it ferbân tusken alinea 1 oan de iene kant en de alinea's 2 oant en mei 5 oan de oare kant?
- A Ferlykjend ferbân.
  - B Oarsaaklik/redenjouwend ferbân.
  - C Opsomjend ferbân.
  - D Tsjinstellend ferbân.
- 1p 4  Wat is it ferbân tusken “In plysjeman ... te brûken.” (r. 22-27) en “Yn Fryslân ... wêze kin.” (r. 27-34)?
- A Oarsaaklik/redenjouwend ferbân.
  - B Opsomjend ferbân.
  - C Tsjinstellend ferbân.
  - D Utlizzend ferbân.
- “En dus is Frysk min foar ús bern.” (r. 21)
- 2p 5  Mei wat foar argumint kinst dy opfetting bestride? Helje dyn antwurd út de twadde helte fan de tekst. *Brûk net mear as 15 wurden.*
- 2p 6  Wat is de haadgedachte fan alinea 3?
- A In plysjeman yn Baskelân moat it Baskysk net allinne ferstean kinne, mar ek prate.
  - B Underwizers kinne in grutte ynfloed hawwe op it taalgebrûk fan bern.
  - C Yn Baskelân en Wales is it finansjeel en ekonomysk oantreklik om de minderheidstaal te praten.
  - D Yn Fryslân soe by fakatueres behearsking fan it Frysk faker ferplichte steld wurde moatte.

## Tekst 2 Emoasje fersus regels

- 2p 7  Wêr binne Niesen en Osinga it net oer iens? *Brûk net mear as 15 wurden.*
- 2p 8  Is it getal fan 135.000 opkrigen ljipaaien (r. 4-5) basearre op in miening of in feit? Motivearje dyn antwurd. *Brûk net mear as 20 wurden.*
- 1p 9  Tsjin hokker faset fan it aaisykjen ferset Niesen him sterk? *Brûk net mear as 5 wurden.*
- 1p 10  Wêrom is de BFVW oprjochte?  
De BFVW is oprjochte om
- A de mooglikheden foar it aaisykjen te beheinen.
  - B de mooglikheden foar it aaisykjen út te wreidzjen.
  - C it aaisykjen foar Fryslân te behâlden.
  - D it aaisykjen yn Fryslân te ferbieden.

# Eindexamen Fries havo 2006-I

- 1p **11** ■ Hokker doel sribbet de BFVW nei?  
De BFVW hat hjoed de dei as sribjen om  
A de mooglikheden foar it aaisykjen te beheinen.  
B de mooglikheden foar it aaisykjen út te wreidzjen.  
C it aaisykjen foar Fryslân te behâlden.  
D it aaisykjen yn Fryslân te ferbieden.
- 1p **12** ■ Wat is it ferbân tusken “Fryslân is ...fan ljipaaïen.” (r. 18-20) en “Mar dan ... ljipaaïen meinimme.” (r. 20-21)?  
A Ferlykjend ferbân.  
B Foarweardlik ferbân.  
C Redenjouwend/oarsaaklik ferbân.  
D Tsjinstellend ferbân.
- 1 Fan de neisoarch komt neffens Niesen net folle op 'e hispel.  
2 Friezen wolle neffens Osinga aaisykje fanwegen de neisoarch.
- 2p **13** ■ Hokker bewearing(en) is / binne wier?  
A Allinne bewearing 1 is wier.  
B Allinne bewearing 2 is wier.  
C Beide bewearingen binne net wier.  
D Beide bewearingen binne wier.
- 2p **14** □ Is de argumintaasje fan Osinga yn r. 24-26 (“Mar hy ... goede neisoarch.”) basearre op syn eigen miening of op in feit? Motivearje dyn antwurd. *Brûk net mear as 20 wurden.*
- 1p **15** □ Is de ynfloed fan it aaisykjen op de ljippestân neffens Niesen negatyf of posityf? Ljochtsje dyn antwurd ta. *Brûk net mear as 10 wurden.*
- 1p **16** □ Is de ynfloed fan it aaisykjen op de ljippestân neffens Osinga negatyf of posityf? Ljochtsje dyn antwurd ta. *Brûk net mear as 15 wurden.*
- 2p **17** □ Kiest de skriuwer partij tusken Niesen of Osinga of bliuwt er neutraal? Motivearje dyn antwurd. *Brûk net mear as 25 wurden.*

## ■ Tekst 3 Fryske learlingen hawwe foarsprong

*Understeande ynljeding heart by fraach 18 en 19.*

“Op it rapport en de berjochtjouwing dêroer is hiel wat ôf te tingjen.” (r. 5-7)

- 2p **18** □ Wat falt op it rapport (r. 5-6) ôf te tingjen? Neam trije punten fan krityk. *Brûk net mear as 35 wurden.*
- 1p **19** □ Wat falt op de berjochtjouwing (r. 6) ôf te tingjen? *Brûk net mear as 10 wurden.*
- 1p **20** ■ Wat is it ferbân tusken “De taalachterstân ... yn Limburch.” (r. 20-26) en “It is ... te praten.” (r. 26-27)?  
A Foarweardlik ferbân.  
B Konkludearjend ferbân.  
C Opsomjend ferbân.  
D Utlizzend ferbân.
- “Wy hawwe as men sa rekkenet sels in foarsprong fan in wike.” (r. 27-28)
- 1p **21** □ Meitsje dúdlik dat dy riddenearring net kloppet. *Brûk net mear as 10 wurden.*

De ferskillen yn taalprestaasjes tusken de Fryske en de Limburchske learlingen binne net sa grut dat der konklúzjes oan ferbûn wurde kinne.

1 Dat is de konklúzje fan de berjochtjouwing yn de media.

2 Dat is de konklúzje fan de skriuwer.

3 Dat is de konklúzje fan it ûndersyk fan de Fryske Akademy.

- 2p **22** ■ Hokker bewearing(en) is/binne wier?
- A Allinne bewearing 1 is wier.
  - B Allinne bewearing 2 is wier.
  - C Allinne bewearing 3 is wier.
  - D Allinne de bewearingen 1 en 2 binne wier.
  - E Allinne de bewearingen 1 en 3 binne wier.
  - F Allinne de bewearingen 2 en 3 binne wier.

Bergsma beweart dat it in foarrjocht is om op in lytse skoalle te sitten (r. 46-48).

Yn alinea 2 suggerearret er lykwols dat in grutte skoalle miskien ek wol foardielen hat.

- 2p **23** □ Meitsje dat dúdlik. *Brûk net mear as 25 wurden.*

- 1p **24** ■ Ta hokker tekstsoarte heart dizze tekst?

- A Riddenearring.
- B Skôging.
- C Utiensetting.

## ■ Tekst 4 Underweis nei de ivige jeugd

- 12p **25** □ Meitsje yn minimaal fjouwer alinea's en *maksimaal 150 wurden* in gearfetting fan dizze tekst en behelje dêryn it folgjende:
- telomearen en DNA;
  - telomearen en it ferâlderingsproses;
  - telomerase en it ferâlderingsproses;
  - telomerase en kankerbestriding.